

**SKRIFTLIKE FRAGEN, op grûn fan Kêst 42 Reglemint fan Oarder 2021**

Rjochte oan DS / lid DS	<b>Fokkens en Hoogland</b> <b>Underwerp: Stopljocht op de Westhoek</b>
Ynlidende taljochting (fakultatyf)	<p>Yn de Ljouwerter Krante fan 23 septimber wie te lêzen dat de Fûgelbeskerming oerwaget en serieuze plannen hat om op de kwelder fan de Westhoek in ferkearsljocht del te setten. Doel is om fersteuring fan natoer foar te kommen. At de proef oanslagt tink de Fûgelbeskerming oan mear ferkearsljochten op de romte.</p> <p>De FNP fraksje fynt dit in ferkearde benadering. De minsken soe mear bybrocht wurde moatte oer de rêst en de funksje fan de rêst foar fûgels yn it gebiet yn stee fan it ferstân út te skeakeljen mei in ferkearsljocht en hat dêrom de folgjende fragen oan it kolleezje:</p>
Fraach / fragen	<ol style="list-style-type: none"><li>1. Is it kolleezje fan de berjochtjouwing op de hichte?</li><li>2. Hat de Fûgelbeskerming al kontakt hân mei provinsje of de gemeente Waadhoeke oer dit foarnimmen?</li><li>3. Wat fynt it kolleezje fan dit foarnimmen om in ferkearsljocht midden yn de natoer te pleatsen?</li><li>4. Is it kolleezje it mei ús iens dat dit de ferkearde kant op giet?</li><li>5. Is it net folle duorsumer om de minsken op rêst en de ynfloed fan rêst op de fûgels te attindearjen? Mei oare wurden de besiker freonlik it ien en oar by te bringen en ynsjen te litten?</li><li>6. Kin, romtlik sjoen en kwa regels yn it Natura2000 gebiet, samar in ferkearsljocht pleatst wurde op it waad?</li><li>7. Sil it kolleezje ek aksje ûndernimme yn de rjochting fan de Fûgelbeskerming om op alternativen oan te trúnjen, mooglik yn gearwurking mei gemeente Waadhoeke?</li></ol>

Yntsjinner(s)

(fraksje / namme / hantekening)

	FNP, Wopke Veenstra
--	---------------------

Datum	29 septimber 2021
-------	-------------------